Job

Job
Fryske Bibel

Printinge 2026
ISBN 9789089124555
ISBN e-book 9789089124586

Tekst: © Stifting YKFE-FBO
Ûntwerp omslach: Murk Pietersma grafische vormgeving
Lay-out binnenwurk: Buitenspel Ontwerp

© 2026 Nederlands-Vlaams Bijbelgenootschap, Haarlem/Antwerpen
Alle rjochten foarbeholden

Op dit stuit wurdt wurke oan in nije, moderne oersetting fan de Bibel yn it Frysk. Sûnt 2019 wurket in ploege fan belibbe oersetters en taalkundigen oan in nije oersetting fan de Bibel, streekrjocht út de oarspronklike talen, it Hebrieusk en it Gryks. It doel is in tekst dy't rjocht docht oan it Frysk en tagonklik is foar in grut publyk. De folsleine Fryske Bibel wurdt ferwachte yn 2031 ree te wêzen. Sjoch foar mear ynformaasje op www.fryskebibel.frl.


Neat út dizze útjefte mei op hokker wize dan ek fermannichfâldige wurde sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer.

nBg Nederlands-Vlaams Bijbelgenootschap

FRYSKE BIBEL

De Bibel foar elkenien
It Nederlands-Vlaams Bijbelgenootschap (NBG) bringt de Bibel tichtby, al mear as 200 jier. Yn de Bibel hearre wy Gods boadskip fan leafde foar de wrâld, dy't ús yn beweging bringt en ús paad ferljochtet. Dêrom wolle wy dat minsken yn binnen- en bûtenlân tagong krije ta de Bibel.

bijbelgenootschap.nl | bijbelgenootschap.be


Job
Fryske
Bibel

Ynlieding

I · Eftergrûn

It boek Job heart ta de wiisheidsliteratuer, lykas Spreuken en Preker. Mei-inoar foarmje dy trije boeken dêrmei in aparte groep yn 'e Bibel. Yn Israel bestie, krekt as op oare plakken yn it âlde Easten (Jeremia 49:7, Obadja 8), it fenomeen fan 'e saneamde wizen. De wizen hearden ta de pommeranten fan 'e mienskip. Se hiene bygelyks de funksje fan adviseur oan in keninklik hof (Spreuken 25:1), mar se koene ek teksten fol libbensûnderfining en praktyske goeried skriuwe, sammelje of beärbeidzje: wiisheidsliteratuer. Wiisheidsliteratuer yn en bûten Israel giet oer fragen dy't alle minsken mienskiplik hawwe. Wat is de sin fan it bestean? Hat God de wrâld rjochtfeardich foarmjûn, en kinne wy dêropoan of just net? Meie wy God dêrop oansprekke? Der binne ek Egyptyske en Babyloanyske teksten út 'e âldheid weromfûn dy't sokke fragen behannelje.

Yn it boek Job komme der fûleindige petearen tusken minsken efter dy fragen wei, mar ek fragen en ferwiten oan it adres fan God. Dat giet sa ferheftich om en ta, dat it boek binnen de wiisheidsliteratuer in folslein eigen plak ynnimt.

It earste haadstik pleatst de haadpersoanen en it plak fan hanneljen op in dúdlike ôfstân fan Israel, yn it lân Oes, dêr't wol fan tocht wurdt dat it noardeastlik fan Israel lein hat. De haadpersoanen yn it boek binne, op har nammen ôf te gean, gjin

Israeliten. De namme Job komt bûten it boek allinnich noch foar yn in rychje dat neamd wurdt troch de profeet Ezechiël (14:14,20) as foarbylden fan rjochtfeardige en fromme lju, yn in skier ferline: Noäch, Job en Daniël. Noäch wurdt in rjochtskepen minske neamd, lykas Job. De Daniël dy't yn itselde rychje neamd wurdt, moat ek in klassike wize út âlde tiden wêze (Ezechiël 28) en net de Daniël fan it bibelboek mei deselde namme. Yn Ezechiël wurdt syn namme nammers ek krekt efkes oars skreaun. Job is gjin pryster, mar hy bringt al offers om wille fan syn bern, sa't Noäch dat ek dien hie. By einsluten berikt er in hege âldens. Al dy dingen mei-inoar roppe it byld op fan in tiid dy't yn 'e Bibel fóár Abraham pleatst wurdt. Der wurdt dêrom wol oannommen, it boek Job is ûntstien út in oarspronklike fertelling oer de rjochtfeardige Job en syn tsjinstuiten, in ferhaal yn proaza. Dat ferhaal soe dan letter útwreide wêze mei poëtyske teksten en wiidweidige petearen oer wat minsken allegearre yn it libben ûnderfine en hokke rol oft hjasels en God dêryn spylje.

II · Opbou

It boek hat in bysûndere opbou. It begjint en einiget mei fertellend proaza. Dêrtuskenyn steane monologen en dialogen yn fersfoarm, mei in grut ferskaat oan fragen, stânpunten en diskusjes.

Prolooch

Yn 'e prolooch (Job 1 en 2) lêze wy hoe't God ferge wurdt troch ien fan 'e himelske haadpersoanen, de satan, de tsjinstanner, dy't him oppenearret as oanklager mei in fyn ynleine fraach. Hy ornearret, Job hat grif alle reden om ûntsach foar God te hawwen. Dy hat it

him dochs sa foar de wyn gean litten? Dêrmei daget de oanklager God út: Is it mei rjocht en reden dat jo der sa mei ynnommen binne dat Job syn libbenswize sûnder wryt of slyt is? Tink derom, as ik him de kniper op 'e skine set, dan jout er wol belies!

Gauris wurdt dat erchtinken útlein as in weddenskip fan 'e satan mei God. Mar dat is te koart troch de bocht. De oanklager komt oan 'e ein fan it boek net wer op 'e lappen. Winst of ferlies foar God, sa docht bliken, is net it tema fan it boek. Job syn geduld al likemin. Mar nei dy earste fraach begjinne de diskusjes al hieltyd slimmer oan te boazjen.

Diskusjes

Nei dat stikje hottefyljen yn it himelsk beried, dêr't Job neat fan wit, konfrontearret it boek Job ús mei alle soarten fan diskusjes dy't wy as minsken altyd wer hâlde oer it wêrom fan 'e hurde en pynlike kanten fan it libben. Wy lêze de koarte kreauwerij tusken Job en syn frou (2:9). Hja jout de oanklager feitliken gelyk: Dyn ûntsach foar God bringt dy allegearre neat, hâld der mar mei op! Job fynt dat sleau praat: goed en kwea hawwe wy út Gods hân oan te nimmen. Mar dat is syn lêste sizzen net, want letter sil er God oer dat kwea just wakker op it festje spuie.

De trije freonen Elifaz, Bildad en Sofar komme derby en dan stekt Job fan wâl. Hy ferflokt syn bertedei en stelt wêrom-fragen (3:11,12,16,20,23). Wêrom bestean ik eins? Mar hy stelt dy fragen earst noch sûnder dat er ien direkt oansprekt.

It grutste part fan it boek Job (4-27) bestiet út in rige fan trije wiidweidige striidpetearen tusken Job en syn freonen. Wa is oanspraaklik foar it lijen dat Job oer him hinne kriget: God of Job sels? Oars as syn freonen sprekt Job yn syn antwurden God ek streekrjocht oan mei fragen en ferwiten. Soms feroaret er midden

yn in antwurd oan syn freonen ynienen fan adres en rjochtet er him ta God. Dat bart bygelyks yn syn antwurd oan Elifaz (7:7,8), yn dat oan Bildad (9:28,31) en dat oan Sofar (13:20,21). De freonen hâlde just distânsje, hja prate mei Job allinnich oer God. Hja ornearje: de pine en it lijen datsto no fielst, hast oan dysels te tankjen troch dyn eigen flaters. Jou it mar ta oan God (5:8, 8:5), wa wit komt it dan wer goed!

De earste omloop beslacht de haadstikken 4-14. Ien moat rjochtsprekke tusken God en Job (9:33), want Job is ûnskuldich (9:21-22). De twadde omloop omfiemet de haadstikken 15-21. Job komt hieltyd brutaler yn it ferhef tsjin syn freonen en tsjin God: Ien moat it dochs foar my opnimme, as it net oars kin, dan God sels! (16:19-21; 17:3; 19:25-27) De tekst fan 'e tredde omloop, haadstikken 22-26, liket net ûngeskansearre oerlevere te wêzen. De freonen komme net allegearre oan it wurd: Sofar mist. De tredde taspraak fan Bildad, haadstik 25, is hiel koart en Job syn antwurd beslacht mar leafst de haadstikken 26 en 27. Boppedat lykje parten fan haadstik 27 (fers 13-23) net op eardere wurden fan Job, mar mear op dy fan syn freonen. Der binne dan ek alderhanne útstellen dien om dizze trije haadstikken oars yn te dielen, mar foar in oersetting giet dat te fier. Oersetten is wat oars as bywurkjen.

Los fan it feit dat der dingen mei de tekst te rêden binne, is it ek dúdlik dat der yn 'e rin fan 'e tiid faker as ien kear oan 'e tekst fan it boek wurke is. De striidpetearen mei de freonen wurde yn haadstik 28 folge troch in gedicht oer de wiisheid. Dat makket gjin diel út fan 'e diskusjes, want net ien giet dêr fierder op yn. It is earder in earste kommentaar: Jimme hawwe it no wol oer wiisheid, mar hat ien dy wiisheid al fûn? It begjin fan it lêste fers ('Untsach foar de HEAR – dat is dus wiisheid'; 28:28) stiet ek yn Psalm 111:10 en Spreuken 9:10. Dat dit stik bydroegen is troch in oare redakteur

as dy fan 'e eardere petearen, docht ek bliken út it feit dat de namme dy't hjir foar God brûkt wurdt ('de HEAR'), fierders net yn 'e petearen foarkomt (op Job 12:9 nei – mar dat is nei alle gedachten in sitaat fan Jesaja 41:20).

Utdaging

Dêrnei, yn haadstik 29, nimt Job op 'en nij it wurd. Hy uteret syn pine foar God oer (30:20), leit nochris de klam op syn ûnskuld (31:6) en ferget God op in wjerwurd (31:35). Dêrmei hat er it sein, fernijt de ferteller yn 31:40. God liket no oan set te wêzen.

Nuver genôch folgje dan yn 'e haadstikken 32-37 de taspraken fan Elihû, immen dy't noch net earder neamd wie. Dy stikken wurde almeast as in útwreiding sjoen, in twadde kommentaar op 'e diskusjes. Elihû ornearret, de wurden fan 'e trije freonen sjitte tekoart, mar dochs hat er it benammen tsjin Job. Kinsto samar God earne op fergje? God besiket just om in minske ta selsferstean te bringen! (33:26-28; 36:8-10). Elihû syn ynbring komt lykwols gjin wjerwurd op.

Einpetear

By eintsjebeslút folget it petear tusken God en Job (38-42). De satan komt der net mear oan te pas. Syn erchtinken wie derby troch, hie God al sein yn 2:3. Mar in ferklearring fan God komt der net. Net ien fan 'e diskusjes oant no ta komt ta in útdragene saak. God konfrontearret Job mei syn yndrukwekkende skepping, dy't fier boppe Job syn begryp en ynfloed út giet. God is God, hy is gjin part fan syn eigen skepping, gjin ûnderdiel fan in grutter gehiel, dêr't men him oan hifkje kin. Hy is fertroud mei al it libben yn syn skepping; hy is gjin fijân, gjin tsjinstanner. Dan kin it om Job sa wol ta, hy wol in fierder striidpetear oer oanspraaklikheid wol leauwe (42:6). Hy is

te lyts, mar skuldich is er net. God oansprekke, ek op 'e fûleindige manier fan Job, docht bliken net ferkeard te wêzen. Inkeld mar óér him prate by wize fan ferklearring, sa't de freonen dat diene, wie mis, seit God yn 42:7. Lit Job in offer bringe en foar harren bidde. As lêste wurdt ferteld, hoe't God Job syn libben wer yn 'e oarder makket.

Job

1

Prolooch

1 Der wie ris in man yn it lân
Oes, dy't Job hiet. It wie in man
sûnder lek of brek. Hy wie op-
rjocht, hie ûntsach foar God en
mijde it kwea. 2 Hy krige sân
soannen en trije dochters. 3 Syn
besit bestie út sântûzen skiep,
trijetûzen kamielen, fiifhûndert
span kofee, fiifhûndert ezelin-
nen en withoefolle tsjinners. Hy
wie de foarnaamste man fan it
Easten. 4 Syn soannen hiene as
wenst om om bar elk oan hûs in
feest te jaan en se nûgen dan
har trije susters út om mei har
te iten en te drinken. 5 As sa'n
feest foarby wie, liet Job har
komme en suvere har. Hy kaam
der dan moarns betiid ôf en
brocht foar har allegearre in
brânoffer. Want Job sei: 'Mis-
kien hawwe myn bern ferkeard
dien en God yn har hert útse-
gene.' Sa die Job hieltyd wer.

6 Op in dei kamen de himel-
bewenners by de HEAR om har
opwachting te meitsjen. De
oankleier kaam ek yn har fer-
midden. 7 De HEAR sei tsjin 'e
oankleier: 'Wêr komsto wei?'
De oankleier antwurde de HEAR:
'Ik haw omswalke en omtoarke
op 'e ierde.' 8 De HEAR frege de
oankleier: 'Hast myn tsjinst-
feint Job ek achtslein? Der is
gjinien op ierde lykas hy. Hy is
in man sûnder lek of brek. Hy is
oprjocht, hat ûntsach foar God
en mijt it kwea.' 9 De oankleier
antwurde de HEAR: 'Is it sûnder
reden dat Job ûntsach hat foar
God? 10 Hawwe jo net sels him,
syn hûs en alles wat sines is,
ôfskerme? Jo hawwe it wurk fan
syn hannen seinige. Syn besit
hat him útwreide yn it lân.
11 Mar stek jo hân ris út en taast
alles oan wat er hat. Sil er jo
dan net yn it gesicht útsegenje?'
12 Doe sei de HEAR tsjin 'e oan-

kleier: ‘Sjoch, alles wat er hat, is yn dyn macht. Allinne nei himsels meist dyn hân net útstekke.’ Doe gie de oankleier fuort.

13 Op in dei, wylst syn soannen en dochters ieten en wyn dronken yn it hûs fan har âldste broer, 14 kaam der in boade by Job en sei: ‘De kij wiene oan it ploegjen en de ezelinnen weiden dêr tichteby, 15 doe’t de Sabeeërs oanfoelen en se meinamen. Hja makken de feinten ôf mei it swurd. Ik bin as iennige ûntkommen om it jo te melden.’ 16 Dy wie noch net útpraat, of in oarenien kaam om te sizzen: ‘In Godsfjoer kaam del út ’e himel, ferbrânde de skiep en de feinten, en fertarde se. Ik bin as iennige ûntkommen om it jo te melden.’ 17 Dy wie noch net útpraat, of in oarenien kaam om te sizzen: ‘De Chaldeeën stelden trije groepen op, oerfoelen de kamielen en namen se mei. Hja makken de feinten ôf mei it swurd. Ik bin as iennige ûntkommen om it jo te melden.’ 18 Dy wie noch net útpraat, of in oarenien kaam om te sizzen: ‘Wylst jo soannen en dochters ieten en wyn dronken yn it hûs fan har âldste broer, 19 kaam der ynienen in krêftige wynpûst út ’e woestyn wei en griep de fjouwer hoeken fan it hûs. It stoarte yn op it jongfolk en se stoaren. Ik bin as iennige ûntkommen om it jo te melden.’ 20 Doe gie Job oerein, skuorde syn boppekleed, skearde him it hier fan ’e holle, foel oer de grûn en bûgde him del. 21 Hy sei:

‘Neaken bin ik út ’e skurte fan ús mem kommen,
neaken gean ik werom.
De HEAR hat jûn, de HEAR hat nommen,
de namme fan ’e HEAR moat seinige wurde!’

22 Noch hieltyd die Job neat ferkeards en joech God neat ûnfoechs nei.

2

1 Op in dei kamen de himelbewenners by de HEAR om har opwachting te meitsjen. De oankleier kaam ek yn har fermidden om by de HEAR syn opwachting te meitsjen. 2 De HEAR sei tsjin 'e oankleier: 'Wêr komsto wei?' De oankleier antwurde de HEAR: 'Ik haw omswalke en omtoarke op 'e ierde.' 3 De HEAR sei tsjin 'e oankleier: 'Hast myn tsjinstfeint Job ek achtslein? Der is gjinien op ierde lykas hy. Hy is in man sûnder lek of brek. Hy is oprjocht, hat ûntsach foar God en mijt it kwea. Hy bliuwt ynteger, hoewol'tst my tsjin him opset hast om him sûnder reden yn it ferdjer te stoarten.' 4 Dêrop antwurde de oankleier de HEAR: 'Hûd foar hûd. Alles wat in minske hat, soe er oerhawwe foar syn libben. 5 Mar stek jo hân ris út en taast syn bonken en fleis oan. Sil er jo dan net yn it gesicht útsegenje?' 6 De HEAR sei tsjin 'e oankleier: 'Sjoch, hy is yn dyn macht, mar bliuw fan syn libben ôf.' 7 Doe gie de oankleier fuort en sloech Job mei slimme swolms fan syn fuotsoallen oant syn krún. 8 Job naam in potdiggel en skrabbe him dêrmei, wylst er midden yn 'e jiske siet. 9 Syn frou sei tsjin him: 'Bliuwst noch hieltyd dy man sûnder lek of brek? Segenje God dochs út en stjer!' 10 Hy sei tsjin har: 'Do praatst sa't in healwizeling praat. Soene wy it goede fan God oannimme, mar it kweade net?' Noch hieltyd kaam der Job gjin ferkeard wurd oer de lippen.

11 Doe't trije freonen fan Job – Elifaz út Teman, Bildad út Sjûach en Sofar út Naäma – hearden fan alle ellinde dy't him troffen hie, kaam elk út syn wenplak wei. Hja troffen inoar en giene nei him ta om har meilibjen te betsjûgjen en him te treasten. 12 Doe't se him út de fierte wei seagen, koene se him net werom. Lûd gûlden se. Elk skuorde syn boppekleed. Hja smieten stof omheech dat